Takomst fan it Keatsmuseum

In wiersister soe har glêzen bol derby pakke. Ik wol de takomst besjen troch trije brillen mei ferskillende glêzen, in donkere, in rôze en in giele. By it earste senario ha ik de bril op mei de donkere glêzen en dat soe foar it museum ynhâlde, dat alles by it âlde bliuwt. Minsken dy't wolris by ús op besite west hawwe, sille no mooglik sizze: "It is dochs moai, der is neat mis mei?" Fansels it is ek moai en wy binne der ek grutsk op, mar tagelyk witte wy: "wolle wy dat de minsken ek yn de takomst komme, dan moat der wat barre." Wikseljende eksposysjes yn hokker foarm dan ek kinne dat befoarderje. De jongerein wolle wy ek graach binnen de doarren ha. In earste oantrún dêrta is in leskiste dêr't alle skoallen gebrûk fan meitsje kinne.
Yn it museum sels sille ek aktiviteiten ûnder-nommen wurde moatte foar dy kategory. Jimme kinne út dit stik wol merkbite, dat wy dochs wat in oare koerts fare wolle en dan moat it roer om. Hoe fier? Dat is noch de fraach, mar jout men der in goede slinger oan, dan kin de bril mei de donkere glêzen fier fuort en pak ik gau dy mei de rôze derby.

De takomst dy't jo dan sjogge, is ideaal. It is in registrearre museum en ûnderbrocht yn in stichting. De tagonklikens is optimaal. Jildpine kenne wy net en dêrom is der in profesjonele krêft foar in pear dagen oanwêzich. Romte genôch, sadat al it moais wat der is goed ta syn rjocht komt. Dêrneist is der romte foar eksposysjes. Plak om efkes kofje of tee te drinken en in romte dêr't jo films en dia's sjen kinne mei help fan moderne apparatuer. In keuken en moaie toiletromte ûntbrekke net en fansels is it depot ûnder itselde dak. De takomst is op dy wize wol hiel roaskleurich ôfskildere, mar is it ek realistysk?

No wurdt it tiid foar de bril mei de giele glêzen. Dy kleur docht jin tinken oan it sinneljocht en as bestjoer wolle wy de takomst fan de sinnige kant besjen, sûnder de realiteit út it each te ferliezen. In selsstannige stichting en in stichtingsbestjoer moatte der komme. Opname yn it museumregister moat ek trochgean en wol om de folgjende redenen:

- it jout mear erkenning
- ûnderlinge kontakten mei oare musea wurde makliker
- mear kâns op finansjele stipe út fûnsen.

Ferhúzje sil der net ynsitte en der mankearret kwa sfear en lokaasje ek neat oan de hjoeddeistige lokaasje, mar de romte is beheind. Oan ús no de taak om út te sykjen hoe't wy dat oanpakke sille. Finansjele earmslach is in needsaak. De twadde ferdjipping sil yn ferbân mei de klimaatbehearsking oanpast wurde moatte. Goed materiaal sa as in kompjûter mei ynternet foar it toanen fan film's en dia's is ûnmisber.

Wy hoopje as bestjoer, dat de takomst besjoen troch de giele glêzen, yn de kommende jierren stâl krijt.

Rinske Wiersma-Onderdijk,
foarsitter fan de Museum- en Dokumintaasjekommisje

Presintaasje fan it earste nûmer fan *De Keatsfreon* - nije styl op 30 maart 2005 yn it Keatsmuseum. Foaroan f.l.n.r. Emile Vogels (HB-lid KNKB), Pieter de Groot (redakteur LC) en Rynk Bosma (haadredakteur FC). *(Foto: Jolt van der Veen)*